

1. It is tige nei it sin dat de rjochten foar de Frysktaligen yn in taalwet fêstlein wurde.
2. “Elkenien kin yn gearkomsten fan fertsjintwurdigjende organen dy’t yn de provinsje Fryslân fêstige binne de Fryske taal brûke” en “Wat yn de Fryske taal sein is, wurdt yn de Fryske taal notulearre”. Sa heart it ek te wêzen.
3. “Wat yn it Frysk sein is, wurdt, as it yn it proses-ferbaal opnommen wurdt, yn dy taal werjûn”. Ja, fansels!
4. In fertochte of dage persoan heart altyd it rjocht te hawwen om op de sitting Frysk te praten”.
5. “Yn ôfwiking fan it earste lid wurde yn de provinsje Fryslân akten fan de boargerlike stân sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk opmakke”. It Frysk is hjir de earste taal en it Hollânsk kin om pragmatyske reden tafoege wurde. Dat is prima.

Punten fan krityk:

- In wichtige fraach is, hoe't de wet hanthavene wurdt. De ûnderfining hat leard dat kontrôle op de útfiering fan goed bedoelde wetten en regels gauris te winsken oerlitte.
- “Elkenien kin de Fryske taal brûke yn it ferkear mei bestjoersorganen, foarsafier’t dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne, en ek mei de persoanen dy’t ûnder harren ferantwurdlikens wurkje”. Mar der binne in hiel soad bestjoersorganen bûten Fryslân en troch de skaalfergrutting wat langer wat mear. Dit kêst jout dochs in beheining. Hiel faak witte jo net iens dat jo skilje mei in ynstânsje dy’t in sintraal nûmer bûten Fryslân hat.
- Wêrom in útsûndering foar de eilannen en de Stellingwerven? Dêr wenje ek Frysktaligen en wêrom soene se dêr it Frysk net passyf behearskje kinne?
- De sichtberens fan it Frysk yn oare domeinen soe ek yn 'e wet opnommen wurde moatte; bygelyks it brûken fan it Frysk op etiketten en ynformaasje by produkten yn 'e winkels.
- Yn de sin yn kêst 6 soe it wurd “kin” feroare wurde moatte yn “moat” (Us Minister wa’t it oangiet, **kin** foar ûnderdielen fan de sintrale oerheid wêrfan’t it wurkgebiet de provinsje Fryslân of in part dêrfan beslacht, regels stelle oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnlinge ferkear”. As dy regels dan mar net ûngeunstich foar it Frysk útpakke.
- (As in skriftlik stik yn de Fryske taal opsteld is, kin it bestjoersorgaan op fersyk fan in belanghawwende in oersetting dêrfan yn de Nederlânske taal beskikber stelle). Soks moat op kosten fan de oanfreger.
- De *Rie foar de Taal* is op himsels in nuttich orgaan, mar de namme soe dúdliker en oansprekkender wêze moattet; As it in fuortsetting is fan it *Konsultatyf Orgaan* lit dy namme dan bestean en as der dochs in nije namme komme moat dan in hiel oarenien.
- De leden fan dat orgaan moatte fansels troch de provinsje beneamd wurde en net troch De Haach.
- It is winslik, dat der wat mear oer it profyl fan de leden yn de wet opnommen wurdt.

Ed Knotter,
dosint Frysk.